

MOASJE FRJEMD OAN DE OARDER FAN DE DEI

Wurklistpunt: 12. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

Underwerp: Ferkeap yndustrygrûn

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 16 maart 2017

Ropt it kolleezje op:

- De boer op te gean om de yndustrygrûn yn de ferskate doarpen oan de man te bringen en ûndernimmers derfoar aktyf te benaderjen.
- Ien en oare troch beurzen te besykjen, presintaasjes te jaan oer de moaie gemeente Achtkarspelen.
- Mei yn foarstel, nij fêststelde kaders rjochting de Ried te kommen, om by kânsrike gefallen dêr't mei frij wat nije arbeidsplakken kreëard wurde kinne sanedich linich mei de ferkeap fan de grûnpriis om te gean

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Der leit noch in protte yndustryterrein yn ús Gemeente dat allinnich mar jild kostet, en ek sjoen de ûntwikkelingen op 'e markt (sjoch mar nei it fertrek fan Europrovyl bv út ús gemeente), sille wy der mear oan dwaan moatte om dizze grûnen te ferkeapjen.

Bûtenpost, 16 maart 2017

Ut namme fan de FNP fraksje,

Sake van der Meer